



Zwartepiet.eu

## ZWARTEPIET.EU OP 'E MERK FAN EUROPEESKE KLANTETSJINSTEN

Goed 30 jier nei de fal fan it kommunisme en de werieniging fan de Europeeske merk is dy merk noch ûnfoldwaande by steat om syn rol fan katalysator fan demokrasy en minskerjochten te ferfoljen fanwegen in tekoart oan karfrijens foar de Europeeske konsuminten.

Frije Europeeske boargers kinne dêrtroch ûnfoldwaande gebrûk meitsje fan harren rjocht om by alle oankeapen as konsumint mei eltse euro, lei of forint in frije kar te meitsjen, dêr't hy of sy - lykas by parlemintsferkiezings - mei bepaalt hokker bedriuw in mandaat kriget en hokker net.



*Europeeske konsuminten moatte frij wêze om tsjinsten sûnder hannelsbeheinings yn 'e folsleine Europeeske merk ôf te nimmen. Amerikaanske oligopolisten geane mei harren merkstrategyen gauris folslein tsjin de Europeeske ekonomyske yntegraasje yn.*



Zwartepiet.eu

## EMPATY FOAR DE RJOCHTEN FAN

### AUTONOME MINDERHEDEN.

In kearnelemint fan demokrasy en frije merk is dat net de diktatuer fan de mearheid jildt, mar de frijens fan de yndividuele kar. Yn in perfekte merk kin de diskriminearre konsumint tsjin ûnferdraachsumens stimme troch net te keapjen by ûndernimmings dy't diskriminearje.



*McDonald's stiet noed foar de lokale identiteit yn West-Europa troch Fryske flaggen yn Fryslân en twatalige opschriften yn Súd-Tirol. Yn Marosvásárhely (Roemeenje) wykt hja fan dy standerts ôf. Binnen deselde Europeeske merk diskriminearret hja sadwaande. As frije konsuminten kinne autonome minderheden harren tsjin diskriminatoire hannelspraktiken fersetse troch ienfâldichwei gjin tsjinsten mear ôf te nimmen.*

*Boarne: <https://www.praatmarfrysk.nl/>*

## ZWARTEPIET.EU IKOAN FAN EUROPEESKE KONSUMINTEFRIJENS

Zwartepiet.eu is oars as alle oare pan-Europeeske mytologyske figueren, lykas de tsjert, krampûs of bûsjo. Hy is ommers bûtengewoan yntelligint, omdat er wit wat eltsenien hawwe wol en omdat er meartalich is. Hy is dêrom it symboal fan karfrijens.

As in sinjifikant part fan de Europeeske konsuminten hechtet oan in tradisjoneel kristlik sinteklaasfeest sûnder sensuer op de pan-Europeeske feint fan Sinteklaas, dan moatte der op grûn fan de logika fan in frije konsumintemerk en in plurifoarme demokratyske rjochtssteat aanbieders wêze dy't dy konsumintekar fasilitearje en respektarje en ferantwurdlikens sjen litte foar de mienskip.



*De Europeeske konsumint assosjearret – oars as de Amerikaanske konsumint – it swarte antlit fan de bûsjo, tsjert of krampûs mei in pan-Europeeske folkstradysje, dy't prehistoryske en heidenske woartels hat. Amerikaanske monopolisten hâlde gjin rekken mei de spesifike identiteit fan de Europeeske konsument.*

*Boarne:*

*<https://www.mohacsibusojaras.hu/>*

## MISSY FAN ZWARTEPIET.EU

It is de missy fan zwartepiet.eu, om troch yntelliginte tsjinsten de karfrijens fan de konsumint te fasilitearjen en it dêrom foar Europeeske konsuminten mooglik te meitsjen om kieze te kinnen foar tsjinstferlieners (fersekerings en nutstsjinsten), dy't harren identiteit en kultuer respektearje en beskermje. Zwartepiet.eu wol in unyk kanaal tusken de tsjinstferliener en de konsumint wêze en biedt tafoege wearde troch de karfrijens foar de Europeeske konsumint te garandearjen.

Yn in funksjonearjende frije merk moatte alle foarmen fan kartelfoarming troch it beheinen fan frije kar tsjingongen wurde. Zwartepiet.eu makket dat troch har yntelliginte marketingkanaal mooglik en jout de kar werom oan de Europeeske konsumint. Sûnder in frije merk kin in plurifoarme demokratyske rjochtssteat ommers net bestean en kinne minderheden net stride tsjin de ûnferdraachsumens fan de mearheid.



*Yn in frije merk oardielet de Europeeske konsumint yndividueel en net in monopolistysk kollektyf of it brûken fan in symboal fan in totalitêre diktatuer lykas de reade stjer fan it kommunisme - sa't dy troch Heineken fierd wurdt - krinkend is. Boarne: eigen foto*